

Maisareaal krimpt folle flugger as lanlik

It maisareaal yn Nederlân krimpt. Op lanlik nivo is it maisareaal dit jier sa'n 7 oant 8 persint leger as yn 2015. Dat sizze ferskillende spesjalisten. Yn it noarden fan Nederlân sjogge wy al jierren in fluggere efterútgong fan it maisareaal. Neist de derogaasje, de lege molkpriis en de fosfaatrjochten spilet ek it areaal sûkerbiten in rol yn dizze krimping.

It maisareaal yn Nederlân nimt al jierren efterien ôf, benammen yn it noarden fan Nederlân. Tsjien jier lyn teelden wy yn it noarden 43.728 hektare snijmais, blykt út sifers fan it CBS. Nei in oplibbing yn 2012 mei 48.782 hektare snijmais konstatearre it CBS wer in efterútgong. Dit kear in efterútgong dy't langer oanhâldt. Yn 2015 teelden wy yn it noarden noch 43.817 hektare snijmais. Oangeande 2012 is dat in efterútgong fan 10.18 persint.

It ynkrampen fan it maisareaal sjogge wy ek yn de rest fan it lân. Yn 2012 waard der op lanlik nivo 231.811 hektare snijmais teeld en it ôfrûne jier noch mar 223.855 hektare: in krimping fan 7.956 hektare. Neffens it CBS sit it maisareaal dêrmei noch lang net op it nivo fan 2006, wêr't de sifers rûsd binne op 218.036 hektare snijmais. 'It maisareaal sil nei alle gedachten noch wol in oantal persinten krimpe wêrnei it totale areaal úteinlik stagnearret', ferwachtet Luuk Uelderink, regiomanager Noord-Nederland by KWS Benelux.

De reden dat it maisareaal ek dit jier wer krompen is komt foar in part troch it tanimmen fan it sûkerbite-areaal, stelt Uelderink. 'It areaal sûkerbiten is dit jier mei 12.500 hektare oangroeid troch de herstellende sûkermerk.' Cosun advisearret bouboeren net te krap yn te siedzjen fanwege it fuortfallen fan it sûkerbitekwtum yn 2017. It folleverjen fan de tawizing yn 2016 is dus belangryk foar de takomstige teeltmooglikheden.

Neffens Uelderink soarget net allinne dit ferdringingseffekt foar dizze krimping, mar hat de lege molkpriis hjir ek ynfloed op. 'De opsje om mais oan te keapjen wurdt troch de lege molkpriis noch kritysker besjoen, mei as gefolg dat mais tele foar ferkeap, minder yn trek is. Wat fan grutte ynfloed wêze kin, binne de fosfaatrjochten. 'Greidboeren sille troch de fosfaatrjochten kij ôfstjitte moatte wat ynhâldt dat der minder foer nedich is', stelt Uelderink.

Jos Groot Koerkamp, kommersjeel manager by Limagrain, tinkt lykwols net dat de lege molkpriis ynfloed hat op it maisareaal. 'Foertechnysk is mais in goed gewaaks dat goed yn it rantsoen fan melkfee past. Mais is en bliuwt de belangrykste enerzjyleveransier. Jo kinne it oankeapje of sels ferbouwe, mar it ferbouwen is it goedkeapste en it effisjintste. Ik ferwachtsje lykwols wol, dat de fosfaatrjochten ynfloed ha op it maisareaal', stelt Groot Koerkamp.

Derogaasje

Uelderink en Groot Koerkamp binne it der oer iens dat it maisareaal beynfloed wurdt troch de derogaasje. Bedriuwen dy't oan de derogaasje foldwaan wolle moatte der foar soargje dat de lânbougrûn foar 80 persint út gers bestiet en foar 20 persint út mais. Oant en mei 2013 wie de regel noch 70 om 30 persint. In oar probleem wat ynfloed ha kin op it totale maisareaal is it ynklinken fan de boaiem op feangrûn. Groot Koerkamp stelt lykwols dat dit in lytse ynfloed hat op it maisareaal. 'Telers op grûn wêr't ynklinking in probleem foarmet, wurkje bewust mei fruchtwikseling of stroketeelt. Stroketeelt is ûntwikkele om de draachkrêft fan de boaiem te behâlden, sadat de boaiem troch it bewurkjen fan it lân en de swiere masines net ferleget.'

Dochs docht bliken dat stroketeelt net trochset. 'Stroketeelt helpt by it behâlden fan de boaiem, mar de kosten wage net tsjin de opbringsten op dy't mei dizze teelt behelle wurde,' stelt Groot Koerkamp.

Henk Pol, ûntwerper en ûntwikkeler fan de strokefrees, is it dêr net mei iens. Hy stelt dat stroketeelt liedt ta gelike of hegere opbringsten en ferwachtet dat stroketeelt de kommende jierren wer tanimt. 'De lêste jierren is dúdlik wurden dat wy de boaiem minder bewurkje moatte om fierdere ferleging fan de boaiem foar te kommen', stelt Pol. 'Dit jier is it areaal stroketeelt yn Nederlân krompen, mar dat hat neat mei de technyk te meitsjen. Dit komt foaral troch de likwiditeitsposysje yn de greidbuorkerij sektor. Stroketeelt is net nij, mar net in protte boeren passe dizze teelttechnyk ta. Yn in tiid wêryn de finânsjes it net talitte binne jo minder gau ree om in nij systeem ta te passen.'

Lykas stroketeelt is mais ûnder foly ek in teelttechnyk dy't skynber net fierder groeit. Hein-Willem Leeraar, dy't dizze teelttechnyk yn 2009 nei Nederlân brocht, seit dat dy oanninge net korrekt is. Hy stelt dat krekt mais ûnder foly de lêste jierren wer tanimt. 'Oant en mei 2012 groeide it areaal mais ûnder foly nei rom 1.000 hektare op lanlik nivo, mar keldere it nei de wiete maitiid yn 2012. Doe kamen de ferbetterpunten oan de oarder', wit Leeraar. Neffens him groeit it areaal mais ûnder foly no elk jier sa'n 2 oant 3 persint op lanlik nivo. Yn it noarden groeit it elk jier sa'n 1,5 persint. 'Nettsjinsteande de mearkosten fan 300 euro de hektare realisearje jo hegere opbringsten. Jo kinne earder begjinne mei siedzjen, de mais sprút earder út en jo ha 1.000 kilo mear setmoal de hektare '

Maisbalen

In oar fenomeen binne maisbalen. Willy Verstraaten út Wanroy hat sûnt 2004 ûnderfining mei it persen fan maisbalen. No reizget hy hjirfoar troch hiel Nederlân. 'Foaral leanwurkers en boeren mei in oerskot litte mais perse ta maisbalen sadat dizze ferkocht wurde kinne. Hjirmei kreëarje sy in nije ôfsetmerk', fertelt Verstraaten.

De priis fan maisbalen fariearret tusken de 60 en 80 euro de baal. De balen mei 36 persint droege stof wage om de 950 kilo hinne. Ien maisbaal fan 1.000 kolo is te wiet', stelt Verstraaten. 'In droege stof persintaazje fan 36 oant 42 persint is optimaal. Dizze mais is folslein ryp en hat it heechste setmoal persintaazje.'

Neffens Uelderink en Groot Koerkamp sjogge greidboeren gjin heil yn maisbalen. 'Maisbalen binne te djoer', stelt Uelderink. 'Tink oan de kosten fan it plestyk en de leanwurker dy't jo ynkeakelje moatte'. Groot Koerkamp: 'Foaral hynste- en geitehâlders keapje maisbalen yn, omdat sy in lege foergong ha, mar foar greidboeren is it minder ynteressant. By maisbalen ha jo minder lêst fan broei, mar wannear jo de maiskûle goed ynride yn de sleufsilô ha jo ek mar in bytsje kâns op broei', sa stelt hy. Verstraaten: 'It fuorjen fan maisbalen moat by jo bedriuw en de foergong passe. By in hegere foergong is it minder ynteressant, mar boeren mei in lege foergong dy't mais ynkûlje ha faker lêst fan broei. Dat is skande, want de foerwearde fan de mais giet dan efterút en dat beynfloedet de foereffisjintsje'.

Hegere foereffisjintsje troch maisbalen

Greidboer Ad Konijn (66) út Wijdewormer fuorret syn 60 kij al in tal jierren maisbalen. 'It wurket poerbêst', fertelt de boer. 'Foarhinne hie ik lêst fan broei, mar trochdat ik no maisbalen fuorje, ha ik hjir gjin lêst mear fan. De kij ite de mais goed, wêrtroch de foereffisjintsje heger is. De maisbalen fuorje ik allinne yn'e hjerst, de winter en yn de maitiid. Myn kij krije dan in heale oant in hele baal deis.' Konijn keapet jierliks sa'n 100 stiks maisbalen fan Firma Van der Wal út Creil. 'De maisbalen kostje ûngefear 68 euro de baal. It is djoerder, mar de mais is en bliuwt fan goeie kwaliteit trochdat it luchticht ferpakt is.' Foarhinne teelde Konijn sels mais, mar troch de tsjinfallende resultaten is hy hjirmei ophâlden. 'Miskien doch ik dat yn de takomst wer, mar de maisbalen befaller my ek prima'.